

Gosse Vogel is geboren op 1 september 1924 te Minnetsga als zoon van Sybolt Vogel en Trijntje Tuinhof. Ze wonen op de Lange Dyk nummer 30 in Minnertsgea. Hij trouwt op 9 november 1950 met Tine Goodijk. Lang wonen ze in Harlingen maar Gosse zijn interesse in zijn geboortedorp blijft. Vooral nadat hij gestopt is met zijn werk als bankdirecteur, is hij veel bezig met het opzoeken en verwerken van gegevens over Minnertsgea. Hij schrijft vele artikelen voor de dorpskrant van Minnertsgea. In 1984 stelt hij met hulp van Klaas Schotanus, Neno Plat en Wietse Hoekstra een fotoboek over Minnertsgea samen (Minnertsgea, lykas it wie ennea wer wurde sil). Ook werkt hij mee aan de Kadastrale atlas uit 1832. Als zijn vroegere Christelijke lagere school in 1994 125 jaar bestaat voltooid hij met Klaas Hamer het boek Yn'e Spegel, 125-jier kristlik ûnderwiis Minnertsgea met vele klassenfoto's. Verder maakte hij met Klaas Swart in 1992 een rondrit door Minnertsgea en nam meer dan 125 foto's, die te zien zijn in de Collectiebank van Minnertsgavroeger. In de dorpskranten van het jaar 1994 liet hij onderstaand artikel plaatsen, verdeeld in vier delen. Hij ging na bij zichzelf, wat hij wist uit zijn jeugdijaren in de dertiger jaren. Als hij de huidige bewoners aanhaalt is dat dus uit het jaar 1994. Ik heb het aangevuld met de nodige foto's, ook uit de Collectiebank van Minnertsgavroeger.

Gosse overlijdt op 1 februari 1998 te Harlingen, 73 jaar.

Dooitze Zwart, Leeuwarden, 4 oktober 2023.

Beskriuwing fan it doarp Minnertsgea (om en de by 1940)

Te begjinnen fan de Moaie Peal ôf. Hjir wenne rjochts yn it twadde hûs, Andries Miedema; hy hannele yn gist en oare bakkerygrûnstoffen. Oan de lofterkant wenne yn it earste hûs, de famylje Sjoerd Dykstra. Hij siet yn de ierappel hannel en syn soan Doede hie in truck mei oplizzer, dy't 10 ton meinimme koe; in foar dy tiid enoarme fracht, in spoarwei fol. Eefkes fierder, yn it hûs, dêr't no dy merkekeapman wennet, siet Johannes Kampen mei de MABO (Minnertgaaster Autobus Onderneming). Fierderop nei de buorren, siet oan deselde kant Cornelis Roeda mei syn fervewinkel, der wennen ek Marten Bleeker en eefkes fierder Fokke de Roos, hja hienen tegearre wat Kommissjehannel yn lânbouprodukten. Dêr wêr't no Sybesma's Wenningstoffearing sit, hie Herman Leicht in slachtery mei winkel; letter siet hjir Eva Boersma-Runia mei har soan Johannes yn in Vivo-winkel. Dêrneist P.K. Hamer mei syn siedhannel en dêr wer neist: Siebe Bergsma mei in Garage (Hudson), hy hie ek depot foar dokter Wassenaar fan Sint Jabik. Nei Bergsma kaam Marinus Kerlien dêr yn de garage.

Wy geane eefkes it Skoalledykje op; dêr hie yn ien fan de gemeentewenten Andries Vrieswijk in brânjehannel.



Andries met zonen Tjeerd (l) en Siebe.

In pear huzen fierder wenne Bauke Lieuwe's Tuinhof, dy't mei syn neef, Bauke Rientses Tuinhof, in beurtskip hie op Ljouwert en Frentsjer. Oan de oare kant fan it Skoalledykje, hat Sietse Hibma letter wat tûnkery hân. Ek op it Skoalledykje wenne Eibert Wassenaar, hy wie kommisjekeapman yn griente.

Wy geane wer werom nei Andries Miedema. Yn it earste hûs nei it Bosdykje, wenne Gatze de Valk (grutte Gatze), hy wie krekt as safolle oaren, kommisjekeapman yn lânbouprodukten. Efter syn hûs hie Piet Sikkes Groeneveld, in pear glêskassen. Hy en wy neamden dat "Warenhuizen". Neist Gatze de valk, wenne Lieuwe Meijer, hy wie feehanneler, earst die hy dat mei Obbe de Roos, letter selsstannich. Eefkes fierder nei de buorren, wennen Piet Wassenaar en Gerrentje. Harren soan Klaas, mealde yn de oarloch (yn syn ûnderdukerstiid), foar hast it hiele doarp weet. Dan krije wy: "Groot Hermana" bewenne troch de famylje S.S. Zoodsma. Sip brûkte lân, die wat kommisjehannel en hie wat fuormandery.

Op de hoeke fan it dykje nei Bethlem en de Kamp, hie Roel Bloembergen syn timmerwinkel. Yn it dûbele hûs derneist wenne Durk Norbruis syn widdo mei har dochter Janke. Dizze lêste sutele, om in bytsje troch de tiid te kommen, mei kofje en thee. Tsjinoer de garage fan Siebe Bergsma, hienen Gerrit Westerhuis en Pietsje in krudenierswinkeltsje. Gerrit rûn ek mei de bôlekarre. Yn it hûs dêr't no Luurtske Zoodsma-Zwart wennet, wenne doe Rienik Klases Post (Rienik Borger) mei syn suster. Hy die sa't syn bynamme al seit, ek yn lânbouprodukten.



Boerderij Groot Hermana

Hja hienen faak ek kostgongers. Dêrneist, dêr't Rein Faber no wennet, wenne Johannes Schotanus. Hy reizge mei manlju's klean foar syn broer Durk. Yn it hûs dêr't no dokter Postema wennet, wenne foarhinne de widdo Akkringa. Yn it ein fan de triticher jierren fêstige him dêr dokter A.L. Gransbergen. Hy wie yn'e fierte fan Joadske komôf en moast yn de lêste oarlochsjierrren ûnderdûke en krigen wy as ferfanger Stevens, in hiele grutte keardel.

No binne wy oankommen by de hûskes, dy't tsjinoer de tsjerke stienen. Op it westein derfan wennen Jaap Mulder en Heintsje. Simmerdeis wennen hja yn de wenwein oan de Seedyk by it saneamde Simmerdykje. Hja hienen twa grutte weinen mei badhokjes, dy't winterdeis by it spoardyk stienen. Jaap hie mar ien earm. No komme wy by Johannes Jensma en Jikke; dy hienen in segare-winkel en in manljuskapperswinkel en men koe der ek boeken liene; meastal Wild-west en detektives mar de topper wie De Graaf van Monte Christo. Neist de kapperswinkel wie in pleintsje, dêr stie wat efterôf de Jist en yn de hoeke dêrfan wie it wenhûs fan Gerrit Wiebes Westerhuis en Beitske. Gerrit hie mei Kees Sipkes Vis, twa frachtauto's dy't brûkt waarden foar feefier.



De Jist

Dêr't no frou De With wennet, hie Piet Bernardus Winsemius in krudenierswinkel. Piet sutele ek mei in auto, dêr't twa mânske bakken mei syn hannel op stienen.

Geane wy dan de Hegebuorren (it Ein) op, dan krije wy oan ús rjochterhân earst fam. Molenaar. Hy reparearre klokken, wekkers en horloges. Dan kaam it rokery-winkeltsje fan Piet Haarsma's Antsje; dan harren wenhûs en dan kaam de skearwinkel en skuonmakkery. Yn it spul, dêr 't no Jetze Wiersma syn suvelhannel hat, hie Durk Alefs van der Wal in slachtery mei winkel. Twa huzen fierder hie Uilke Glazema in boekwinkel mei bibleteek. Dêr wer neist hienen Jan en Durk Helder in weinmakkery. Ien hûs fierder, wenne Wiebe Akke (Westerhuis). By har koenen jo melde oft dokter Noordhof fan Tsjummearum efkes oankomme moast, hja hie ek altiten wol wat pine-holle-poeiers en sa wat yn foarrie. Yn de smitse, dêr't no Foppe Post sit, siet Klaas Reinders Wiersma. Dan kaam in ryge huzen, dat heaks op de Hegebuorren stie, it saneamde Straatsje. Yn ien der fan wenne Jaap Ulbes Wassenaar. Hy wie kleanmakker by Schotanus, mar die thús ek wolris in karweike.

Dan binne wy oankommen, dêr't no Tjipke Hibma wennet. Syn heit en broer Klaas, wienen yn de triticher jierren mei in grienten- en fruihannel begongen; yn't earst oan mei Bram Rientses Tuinhof. Hja hienen fan in âld autobus in frachtauto makke. De opbou fan de bus hat lang by Bram en Baukje oan de Stoarmbuorren efter hûs stien. Wy ha der faak yn boarte. Neist it hûs fan de Hibma's, stie in boerespultsje; dêr wenne Marten Elsinga.



Jacob Wassenaar (m) met Klaas (l) en Dirk Schotanus

Yn it lêste rygje huzen oan dy kant, hienen Teuntje de Valk en har dochter Anna in lyts winkeltsje. Efter dat winkeltsje wenne Sjoerd Swart, dy't mei in grientekarre ried. Letter nei't Teuntsje ferstoarn en Anne trouw wie, naam Sjoerd it spul oer en hie doe ek in winkeltsje. Wy kochten der sneontejûns wolris in healpûn apenuten.

As wy de oerwei oerstekke, krije wy oan ús rjochterhân, earst de stjelp fan Renze Terpstra, dan kaam Sikke Marra. Hy ried mei in omboud Fordsje mei in tank mei piteroalje. Yn de oarloach makke hy pasfoto's foar it persoansbewiis.

Neist Sikke wenne Watse van der Wal. Hy hie in bargemestery. Yn de oarloch fan 1914-1918, wie hy hynsteslachter, mar doe wenne hy yn ien fan de huzen op wat no de Rispinge hyt.

Wy geane wer werom. Op de hoeke fan de Scheltingawei en de nije Strjitwei, dêr't no Gerrit Sybesma wennet, hie Kees Miedema in transportbedriuw mei twa mânske frachtauto's. Ik mien te witten dat de iene in International en de oare in Reo Speedwagon wie. Ien fan beiden is op in jûn yn de hjerst yn ien fan de Miedens alhiel útbaarnd.



Sikke Marra

It ûnderstik mei de motor is mien ik te witten, letter nei de LTS yn Ljouwert gien. Kees naam letter fan syn heit de gisthannel oer. Fuort nei de oarloch ried er mei in omboude frachtauto foar de LABO mei minsken nei Ljouwert en werom.

Sa no moatte wy de Hegebuorren mar wer del. Yn it twadde hûs wenne Simon Vis, hy hannele yn lyts fee. Nei it streekje diakonywentsjes, dy't krekt as it straatsje heaks op de strjitte stienen, wennen Bram Joostema en Sijke. Bram ried mei in lyts frachtweintsje, in beurttsjinst op Ljouwert. Yn de oarlochsjierrren fusearre hy mei Romke en Epke Wijngaarden. Sa ûntstie de hjoeddeiske kombinaasje: Joostema en Wijngaarden.

In eintsje fierderop, wenne de famylje Jeltema. Ik tink trije bruorren en ien of twa susters. Ien fan de mannen, Hartig, hat lang skuonmakker west, mar dat wie foar myn tiid. Sa binne wy njonkenlytsen oanlanne by de krudenierswinkel fan Rienik Post en Jeltsje. Oer it plaintsje, efter, wat ik mar showroom fan Rienik neam, wennen Jan Jippes Miedema en Jetske. Jan hie in tabakskiosk, earst skean tsjinoer it postkantoar en letter by de toer.

Yn it ferlingde fan de sanemde showroom, wennen Piet Vogel en Froukje. Har heit en mem, Hendrikus Joukema en Trijntje, hienen der foarhinne in winkeltsje. Trijntje ried ek mei de hûnekarre nei Ljouwert nei de grientefeiling. Hja ferkocht ek piteroalje. Yn it skuorke stie in grut fet, fan sa goed ik it my herinnerje, de Standaard Oil Company.

Dan kaam it fiskwinkeltsje fan Jelle Terpstra en Klaske. It wie mar lyts en hja ferkochten sâlte en soerre hearrings en stokfisk. Jelle sutele se ek út. Hy hie dan in bakje foar op de fyts.



Kiosk van Jan Jippes Miedema

Nei it Frys. Herf. Ferieningsgebou, earder de herberch fan Wytse kooistra, kaam de skuonwinkel fan Hendrik Haarsma. Nei de oarloch hat Jappie Winsemius der in skoftsje in Sparwinkel yn hân en noch letter Meindert Hofstra in tou- en learwinkel. No wennet Jappie Bosgra deryn. It folchjende pand wie de bakkery fan Feenstra en dan binne wy wer op'e hoeke.

Wy stekke earst eefkes oer nei de Lytse Buorren. Yn it gebou, wat earst de Kristelike Skoalle wie en dêr't no Meersma syn winkel hat, hie Rienik Post (grutte Rienik) op de wâl syn keunstdongpakhús. Op de wâl stie in kraan, dy't de sekken mei 200 pûn keunstdong út it beurtskip fan de neven Tuinhof takele.

Efter it pakhús hie Sietse Bierma in grienten fruitwinkeltsje. Hy sutele syn hannel ek út mei in hynder en wein.

As wy rjochtsom, de Lytse Buorren opgean, krije wy de smidte fan Johannes en Tjitte Dijkstra (foarhinne Ale Hiddema). Yn it lêste hûs oan dy kant, wenne Hein Stellingwerf, dy't mei syn broer Anne, mei in auto, molke en brijj sutele.



(Grutte) Rienik Post en Tryntsje Marra

Yn it saneamde “Blauwe Hûs”, lâns de feartswâl, yn de tún derfan de musyktinte, wennen Ane Vogel en Sytske. Hy stie te boek as keapman. Letter kaam hjir te wenjen syn soan Johannes, dy’t mei syn sweager Jasper Travaille fan de Westerbuorren, in branje-hannel hie.

*Broers Anne (l)
en Hein Stellingwerf*



As wy dan de oare kant útgean, komme wy healwei it strjitsje by it hûs, dêr’t foarhinne de beide Ypma-froulje wennen. Hja rûnen yn de tweintiger jierren mei piteroalje. Doe’t yn Tsjummearum de gasfabryk oprjochte waard, fregen hja harren klanten, of ’t hja harren it nije ljocht ek leverje koenen. As wy op it ein komme fan de Lytse Buorren, dêr wer’t Aaltsjemuoï’s reed begong, wennen Sjouke Vogel en Eva. Sjouke sutele ek mei piteroalje en wie jierrenlang boade fan de begraffenisferiening.

Wy begjinne no yn de buorren. Op de hoeke hie Kees Bonnema syn slachterswinkel. Derneist (it westen yn) wennen boppe Gauke Reitsma en Anna en ûnder harren soan Anne mei syn frou Klaske Oberman. Hja hienen nei’t Simke-Geartsje my ferteld in lyts depot fan fet en bûter. Dat kaam troch Albert en Piet Winsemius, dy’t by Unilever wurken.



Jasper Travaille (l) en Johannes Vogel

Hjir hat ek Krinus bij de Lei wenne. Krinus wie klokmakker. Fan him wurdt ferteld dat doe’t op in kear de wizerplaten fan de toer opknapt wurde moasten, hy yn in koer by de toer optakele waard. Dan kaam de timmerwinkel fan Jan Simons Helder. Derneist it “Paradyske” bewenne troch Grutte en letter Lytse Rienik. Dan kaam de bakkerij fan Sybren Boersma en letter soan Sjoerd. Dy die de saak oer oan Luitzen Jelsma.

Oan de oare kant fan de steech, wie de grientewinkel fan Abe Vogel en Margje. Abe sutele de griente ek út. Derneist it hûs fan Luitzen Walles de Vries en letter Bauke Anema; beide boargemaster fan Barradiel. Dit hûs waard letter de Beukerskoalle en no sit Bosma’s wenningtekstyl deryn. Dan de winkel fan Rintsje van Dijks Klaske, mei derefter de turfskuorre fan grutte Wouter Hylkema, de turfskipper. Derneist de winkel en kleanmakkery fan de famylje Schotanus. Dêr’t letter de brânwachtgaraasje wie, hie Hessel Pettinga in herberch en in eintsje de steech yn, in garaasje. Foar hûs stie in Shell pomp.

Yn de steech hienen Johannes en Andries Miedema in lyts pakhúske. Yn it part dat Johannes brûkte, wie boppe in romte dat "It Speelhol" neamd waard. Men siet der tsjin de foarskriften yn te kaartspyljen om in pear sinten.

Werom nei de buorren. Op de hoeke hie Piet Joostema's Metje in winkeltsje yn krudnierswaren en ferkocht hja koeken fan in Menamer bakker, dy't freeds mei it beurtskip oanfierd waarden. Dan de bakkerswinkel fan de Vries en derneist de grutte winkel fan Jan Tuinhofs-Froukje, letter Ynze van Dijk. Dan kaam it hûs fan Simon de Haan en Dina. Simon wie hússkilder en hie yn it efterhûs syn ferfwinkel. Derneist de bakkery fan Pabe en letter Jan Bruinsma. Doe't Jan ferstoarn wie, kaam Durk Kuipers hjir mei in winkel. Dan komme wy by de garaasje fan Simon Harmannie. Letter siet Tjitte Dijkstra hjiryn en noch letter wer Douwe Tjepkema. Op de hoeke, yn de herberch, wenne de family Thijs van der Lei.



Anne Reitsma en Klaske Oberman

No geane wy de Stasjonswei op. It earste hûs waard bewenne troch Sietse Elsinga. Hy wie fertsjinwurdiger fan de ZPC en de NAC en wie derby ek noch gernier. Yn it twadde hûs wenne de family Lieme Glazema, dy't der in ferversbedriuw hienen. It tredde hûs wie it poskantoar. Earst wie Minne Vis postkantoarhâlder en letter syn dochter Jetske. Yn de pleats dy't letter komt begûn Lammert Brouwer, nei't er út Amerika werom kaam, syn bedriuw yn stâlynrjochting. Syn grutte artikel wie it drinkbakje for de kij. Ein triticherjierren kamen hjir te wenjen Johannes Lont en Aaltje. Johannes wie gernier.

Wy moatte no de Stoarribuorren (Langedyk) yn. Yn it earste hûs fan de gemeentewenten wenne Obbe de Roos en Welmoed. Obbe molk in stikmannich kij. Welmoed ferkocht de molke by't mingelen. Derneist wenne de al earder neamde Bram en Baukje Tuinhof. In pear huzen fierder, wenne Hendrik de Roos mei syn húshâlding. Hendrik wie gernier, mar hannele mei syn omkesizzer Okke de Roos ek yn rapen en sok spul. Derneist hie Willem Boomsma in timmerwinkel.



Boerderij Brouwer/Lont en Postkantoar van Vis

It leit in eintsje út de buorren, mar it heart der wol by; op de Pôle hie de familje Jacob Zoodma in flinke fuormandery en gernierkery. Yn it wite stiennen hok, dat op it hiem stie, hienen Jan en Piet Hiemstra fan St. Jabik ûnderdak fûn foar harren timmersaak. Hja hawwe ferskate ierdapelsortearmasjines en laadbakken foar luchtbânweinen makke.

As wy werom geane nei de buorren, moatte wy dochs efkes it Molepaad yn. Dêr stie yn de jierren, dêr't dit ferhaal oer giet de mole "De Welkomst", earst fan de famylje Knol en letter fan Sieds Hogerhuis fan de Alde Bildtdyk.

Oer de oerwei krje wy earst Johannes Hannema mei syn ierdapelhannel. Hy wie derby grut gernier en boude yn de tritichterjierren ek faak tulpen. Yn it hûs der't no in Zuidema wennet, wie de Boerenlienbank en letter it griene Kruisgebou. Derneist wennen Jan Klijsma en Evertje. Jan hat in skoftsje in beurtskip hân. Dan kaam it huoddewinkeltsje fan Hilbrand Dijkstra's Hieke.

Yn it wite hûs dat dan folget, wennen (lytse) Wouter de Roos, hy wie turfskipper, letter hat syn soan Jan de wenne. De winkel derneist, wie fan Reimer Bekius; hy sutele mei in hynder en wein syn hannel yn in wide krite út. Nei syn dea namen syn beide dochters, baukje en Tine de saak oer. Yn it hûs der't no Griet Elsinga-Zwart wennet, hienen Redmar de Roos en Jeltje in sigarewinkel. Jo neamde it sa mar it grutste artikel wie shag en sigaretten. De sigaren sutele Rep út by de boeren yn de omkriten.

Wy geane by Siebren Struiksmâ om de hoeke en komme by de fuormandery fan Jochum Bekius, opfolger fan syn heit Doeke en dy hie syn heit Leendert opfolge. Leendert hie ek in saneamde molkerit. Hy helle mei in omboude Ford de molke út in pear Miedens op. As der wat folk op'e hoeke stie en dat barde yn dy tiid noch alris, ried hy de minsken hast oer de klompen hinne.

Ik kin it net litte, mar ik moat Louw Alefs van der Wal efkes neame. Hy wenne yn, by syn broer Keimpe, dy't neist Leendert Bekius, in lytse kouwelmekery hie. Louw, sa't er altiten neamd waard, wie in ferwoest murdejaaier. Hy wie altiten by nacht en ûntij yn it fjild. Jasper Travaille mei syn brânjehannel ha wy al neamd by syn kompagnon Johannes Vogel op'e Lytse Buorren.



Piet Terpstra, Kees Vis, Klaas Vis en Leendert Bekius.

Wy geane werom en oer de brêge by de stjelp fan Durk Koopmans (no Zonderland) yn it hûs, dat stien hat, dêr't no de tún fan Sjiewwe Schotanus-Glazema is, wennen Douwe Wetterauw en Jinke. Der is my ferteld, dat harren dochter Pietsje wol mei molke sutele. It sil wol by har broer Durk wei kommen wêze, dy't in lyts kouwelmekersspulstje hie oan de Lange Dyk.

Eefkes fierderop wenne, wat efterôf, de famylje Kees Muller. Dêr koene jo munten foar de gasmeter krije foar in botsen it stik. Dan is der oan dy kant fan de Tilledyk, net folle mear te belibjen; o ja, op de Beurs hie Wiebe by de Lei, in meubelmekery.

Fierder, oan de oare kant, rûn in sintelreedsje nei de feart. Yn it hûs, dat de Bloat neamd waard (eartiids sil wol in fellebloatery west ha), wenne de famylje Oebele Wijma. Hy hie in brânjehannel en fansels ek piteroalje. Hy sutele mei in grutte skokarre mei in fet mei syn hannel, alhiel nei de Alde Bildtdyk. Yn it hûs neist dat reedsje, hie Ane Miedema in bytsje fuormandery. Syn buorman Johannes Joostema die itselde wurk. Yn de stjelp neist it skoallehûs, wenne Meinte

Tuinhof; hy wie kommisje-keapman yn groffe griente. Oan de oare kant fan it skoallehûs en skoalle, wenne Outger Terpstra. Hy hie nei it ferstjerren fan syn heit Johannes, de fervery fuortset. Outger syn mem, "Fervers Atsje" neamd hie om troch de tiid te kommen in snobbery-winkeltsje, strategysk besjoen sa ticht by de skoalle. Der sil wol gauris in sint foar de Sinding yn har winkeltsje bedarre wêze.

Op'e hoeke fan de Tsjillen, dêr't no Durk Terpstra wennet, wenne Romke Wyngaarden, dy't mei syn broer Epke, de frachtridery fan syn heit fuortsette. De kombinaasje ha ik al neamd by Bram Joostema op de Hegebuorren.

As wy de Tsjillen opgean, komme wy wer Wiebe by de Ley tjin. Hy wie mei syn meubelmakkerij nei de Tsjillen ferhuze. Eefkes fierderop komme wy by Hendrik Muller, de "Daghuurpatroon" (lyts timmerman, dy't allinne, sûnder feinten wurke). Yn it gebou, dat dan komt, de âlde Griffomearde Tsjerke, hie Bauke Melles Kuipers in flinke krudenierswinkel. Noch efkes fierder, kaam Douwe Douwes de Jong; dy ried foar de Excelsior-winkel yn Harns. Efter dat hûs, wennen Johannes Miedema (dy fan it Speelhol). Hy en syn frou Hennie, sutelen mei bôlekoer en karre. Dan komt de bakkerij fan Oberman, no de famylje Plat.

By it heechhout yn it lytse húske, dat mei syn sydmuorre yn de feart stie, hie Jacob Nijholt in Dames- en Herenkapsalon. Letter hie Pleun Hengst hjir syn showroom foar wytguod. Yn it gebou derneist, hat Johannes Feikes Vogel in kofjehûs hân. Letter waard it it gebou fan de Vrije Evangelische Gemeente. Johannes hat hiel wat by it ein hân; hy hat beurtskipper west, molkesuteler (mei in bakfiets) en opropper by boelguodden.



Johannes Vogel

In eintsje fierderop, siet yn de triticherjierren leadjitter/koperslager Jan Lodewegen. Hy makke ek wat oars. Hy stookte yn it ferburgen ek wolris jenever en hat derfoar in skoftsje efter de doarren yn Ljouwert sitten. Letter naam Marinus Kerlien de saak oer (net de drankstokery). Nei't Kerlien ferhuze wie nei it spul fan Siebe Bergsma, hat der noch in kapperssaak fan de famylje Burrie yn west. Dan komt de siedhannel fan Sjoerd van der Wal, letter hat Douwe Elsinga dat noch in skoftsje hân en noch letter Willem Feitsma. Yn it winkeltsje, dat dan kaam, sieten Pieter Sjoerds Hamer en Hikke. Pieter brûkte wat lân (wat wienen syn sânrapkes lekker); hy die ek wat oan binnenfiskery en Hikke hie it winkeltsje. Harren opfolgers wienen Piet de Haan en Sietske. It op ien nei lêste spul, wie de timmerwinkel fan Jarig en letter Durk Wetterauw. It lêste gebou wie de fytsmakkerij fan Ale Hiddema en Janke. As wy de hoeke omgean nei de brêge, komme wy foarby harren winkel; yn dizze winkel wie ik de radio-Sintrale. Ale draaide ek wolris grammofanplaten. Ik mien te witten, dat Bouwe de With der ek mei te meitsjen hân hat.

No tocht ik, dat ik klear wie mar ik ha ien winkel oerslein en dat wie dy fan Tjitte Dijkstra's Akke, tsjinoer it wenhûs fan de famylje Hiddema. It wie in winkel mei wenhûs, dat in diel fan de stjelp fan Durk Koopmans útmakke. Letter, doe't Tjitte en Akke nei de garaazje mei winkel en wenhûs, neist de herberch, ferhuze wiene, hat Durk Melles Kuipers der noch in winkel hân. Sa binne wy dan it hiele doarp wol troch west.



Janke Koopmans, dochter Seaske en Ale Hiddema

Ik ha dit alhiel út myn ûnthâld en fan hearren en sizzen skreaun. Mocht ik wat fergetten ha, dan moatte jim my dat net kwea ôfnimme.

Harns, Goasse Vogel